

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: Lieuwe van der Pol ChristenUnie
Mei-yntsjinner(s): Charda Kuipers, Grienlinks

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	17 februari 2021
Wurklistpunt	12 Moasjes frjemd
Koarte titel fan de moasje	Ûndersyk ôfwagingskader Nij Poadium
<p>De Steaten, yn gearkomste byien op 17 febrewaris 2021 heard hawwende de rieplachting;</p> <p>konstatearjende dat</p> <ul style="list-style-type: none">- nei it fêststellen fan it belied NIJ POADIUM in nije ferdieling fan jilden ta stân kommen is;- dat as gefolch dêrfan in grut tal beswieren ynstjoerd binne mei it each op dizze ferdieling;- it ôfwagingskader en de beoardieling van de ûnôfhinklike kommisje der ta laat hat dat in oantal kulturele ynstellingen gjin of minder jild takent is troch de provinsje;- der ek fanút de Steaten mear as ien kear fragen stelt binne;- de ferskate beswieren yn desimber 2020 ta bijstellings laat ha;- de musea, dy't ta de haadstruktuer yn de provinsje rekkene wurde, oant no ta net temjitte kommen wurde yn harren beswieren;- mei namme de depotfunksje en it noed stean foar it kultureel erfgoed net mei wage in de beoardieling; <p>Fan miening dat</p> <ul style="list-style-type: none">- it resultaat fan dizze nije ferdieling net it bedoelde effekt helle hat;- mei namme de musea yn swier waar komme troch de feroare systematyk en drige om te fallen;- dizze musea net allinnich museaal wichtich binne mar ek foar stipe soargje fan musea en ynstellingen yn provinsje en derbûten;- dizze musea ek fan edukative en wittenskiplike wearde binne;- it lestich is om it ferskaat oan kulturele ynstellings lâns ien latte te mjitten;- kultuer en it bewarjen van kultureel erfgoed wichtich is foar de Fryske mienskip;- it ôfwagingskader mooglik ûnfoldwaande is en/of de beoardieling en tapassing van de ôfwagingskaders op in oare wize ta in better resultaat lieden hie;	
<p>Fersiket it kolleezje fan Deputearre Steaten om troch in eksterne partij it ôfwagingskader fan Nij Poadium en de tapassing derfan ûndersykje te litten en de resultaten fan dit ûndersyk foar de simmer fan 2021 oan Provinsjale Steaten wêrom te keppeljen</p>	
<p>en gean oer ta de oarder fan de dei</p>	

MOASJE

--

Yntsjinner(s)	ChristenUnie – Lieuwe van der Pol
---------------	-----------------------------------